



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSKE GEMEENTE

Wurdum Fr e.o.

SLOTTSJINST

Snein, 18 maaie 2008

Thema

“En nu allemaal: van je solidegloria” dat is it tema fan dizze tsjinst. Hjoed is de ôfsluting fan it jiertema **“De tsjerke dêr sit muzyk yn”**; boppedat is it ôfskied fan de âldste groep bern fan de sneinsskoalle.



Favorite lieten

Under de tsjinst wurde ferskate favorite lieten songen nei't se taljochte binne:

- Gz. 4790: 1 – 4 : O Heer der Heren, taljochte troch Gina Turkstra en Wiep Duhoux;
- “Daarom bidden wij”, favoryt liet fan de Sneinsskoalle, taljochte troch Jikke Wijmenga;
- SoW 109: 1, 2 en 4: Vaste rots van mijn behoud, favoryt liet fan Jannie Lindeman;
- “De frede fan de greiden”, favoryt liet fan Linda Jongbloed.

Ofskied bern sneinsskoalle

Fiif bern nimme ôfskied:

- Sanne Bloemhof;
- Hessel Reitsma
- Maarten Rijpkema
- Rutger Vellinga;
- Hidde van der Wal.

Juf Jikke sprek de bern ta en ferwiist nei it favorite liet fan de Sneinsskoalle, dat wy krekt allegearre mei elkoar songen hawwe: “Daarom bidden wij”. Hja hopet dat de bern de wurden fan dit ferske letter noch ris neilêze sille, want

dêr stiet yn in nûtsdop einliks alles dat men foar jins libbensreis nedich hat.

Tsjinst fan ‘e Skriften

Lêzing: Psalm 150

Preek: de oertinking is tared troch ds. Wagenaar tegearre mei de jiertemakommisje. Bysûnder is dat de oertinking fan fan'e moarn net troch ús predikant, mar troch twa leden fan de kommisje – Elly Visser en Hinke Meindersma - hâlden wurdt. Hja jouwe in oersjoch oer hoe't ús gemeente sûnt de startsnein yn de hjerst fan 2007 (sjingend



bûtendoar by de Fikarij) mei dit tema omgien is. Nei in foarsichtich begjin melden har hieltyd mear minsken oan dy't harren favorite liet opjoegen. Guon ljochten harren kar ta ûnder in tsjerketsjinst, oaren lieten har ferhaal optekenje troch immen fan de jiertemakommisje, dy't der dan ek foar soarge dat de taljochting foarlêzen waard yn tsjerke.



Tsjinst fan it dielen

1^e kollekte: Diakonij

2^e Kollekte: Tsjerke

Tankbea- foarbeaen - stil bea.

Us foargonger jout yn de beaen ûnder oare oandacht oan minsken út ús doarp dy't immen ferlern hawwe dy't harren nei stie. Nei it stil bea sjonge wy mei elkoar it Us Heit mei as earste fers:

*God fan fier en hein ús Heit
dat wy hilligje jo namme
ûnder ús sa faak ûntwijd
troch jo eigen bern beskamme.*

Blommen

De blommen giene nei:

Piebe en Fokje Haaïma, dy't foar it earst pake en beppe wurden binne.

It blomstik wie makke troch Loeky van Lune.



Meiwurkers

Foargonger: Ds. Hinne Wagenaar

Oargeliste: Klaske Deinum

Koster: Jannie Smids

Alderling fan tsjinst: Martje Meijers.

Meiwurking: Jiertemakommisje, lieding

Sneinsskoalle, koperkwartet.

